



Fryske tsjerketsjinst yn Amsterdam-Noard

Op snein 3 maart 2019 is om 16.00 oere in
Fryske tsjerketsjinst yn'e Betheltsjerke
Plejadenplein 44, 1033 VL Amsterdam.
Sjoch: www.bethelkerkamsterdam.nl

It tema is: Grûn en minsken.

D'r bestiet in djippe bân tusken grûn en minsken,
benammen yn agraryske streken lykas Fryslân dêr't
men libbet fan grûn. De grûn docht wat mei minsken
en minsken wurde minske yn'e omgong mei de grûn.
Tink mar ris oan'e roman 'Groun en Minsken' fan
Reinder Brolsma út 1940 dy't spilet op'e wrede grûn
oan'e sédyk yn'e Bjirmen.

Dizze snein, de lêste eardat de 40 dagen foar Peaske
begjinne, giet it oer'e grûn dêr't minsken op bouwe.

Foargonger is ds Trinus H.Hibma
Kantor-oargeliste is mefrou Marja van der Ploeg –
Hofstra mei stipe fan de Bethelkantorig.

Nei de tiid kofje / tee mei koeke.

Jo binne tige wolkom!

Yn'e kofjeseal lizze altyd Fryske boeken, dy't jo
meinimme kinne foar in euro. De man dy't se meastal
joech, de hear Wijnsma, is ferstoan.

As jo wolle, kinne jo sels boeken meinimme en op'e
tafel lizze. Dan hawwe wy wer foarrie en kinne jo in
oar deugd dwaan. Jo kinne sa fansels ek roalje.



Ynformaasje: T.H.Hibma
Alhambraan 14
1064 NW Amsterdam
020-631.46.44
06-24.98.11.44
hibmveen@xs4all.nl